[0303] TA IT FORLYTSINGSWURD [1]).

A. De útgong.

Us spraekkunstskriuwers hawwe har meastal maklik ôfmakke fan de forlytsingswurden. Ph. van Blom het se noch it rejaelst bihandele - oarel side -, mar wy fine by him allinnich mar hoe't wy in kar dwaen moatte út de útgongen *je, -ke* en *-(t)sje* [2]). O.H. Sytstra en J.J. Hof krieme koarter - ien side -, mar leare ús effen mear [3]). Net ien fan harren fordútst ús lykwols hwat oer al dy skiften wurden, dy't by forlytsing noch in ekstra-merkteken krije bihalven de útgong, ik bidoel in foroaring yn it stamlûd (forkoarting, brekking ensfh.), sa't wy dy ek wol hawwe yn it meartal en by gearsetting. Hiele rigen wurden kinne út reden fan bou of bitsjutting net forlytse wurde [4]). Al hoe wichtich at it is om ek dy kant fan it gefal to bisjen, wy wolle ús hjir dochs hâlde by in skôging fan dy grounwurden dy't yn dit stik gewillich west hawwe.

Effen útgeande fan de skriuwwize kinne wy dan dus sizze dat grounwurden op *b, f, m, p, r, s* [5]) en *w* (b.g. *liuw*) de útgong *ke,* dy op *d*, *1, n* de útgong *tsje,* dy op *t* (útsein dy op *st)* de útgong *sje,* dy op *ch, k* en *st* de útgong *je,* dy op *ng* de útgong *kje* krije, wylst it lêste skift dêr de *g* by falle lit (b.g. *ring - rinkje).* By grounwurden op in toanleaze *-e* [ə] spilet de lêste gjin rol by de forlytsing en hâlde wy deselde regels. De fordûbeling fan it bylûd forfalt dêrby fansels ek, dus *klinte* wurdt *klintsje, skeppe* wurdt *skepke* (en net *skeppke).* Alhiel yn oerienstimming mei de útspraek sjogge wy by dizze wurden ek de wiksel yn 'e stavering tusken *g* en *ch, v* en *f* en *z* en *s*, b.g.:

beage	*- beachje*	*ferve*	*- ferfke*
bigge	*- bichje*	*knodze*	*- knodske*
bôge	*- bôchje*	*hazze*	*- haske.*

Wurden op in (ien-, twa- of trije-)lûd, útsein de wurden op ə, krije *ke,* sizze de

1) Mei tank oan H. S. Buwalda to Ljouwert, dy't mennich fraechteken by de list fan foarbylden opromme het.

2) *Beknopte Friesche spraakkunst,* Joure [1889], s. 58-59.

3) *Nieuwe Friesche spraakkunst,* Leeuwarden [1925], s. 75-76.

4) B.g. *ienzens, krapte.* Wy hawwe *nêst - nestje,* mar út it libbene gebrûk binne my gjin forlytsingswurden fan *mêst* en *têst* bikend. Yn tsjinstelling mei *dag, week, maand* en *jaar* forlytset it Frysk *dei, wike, moanne* en *jier* net, wol *moanne* yn 'e sin fan `poepesinne'.

5) It wurd *smoes-je* forret him troch de útgong as in hollânisme. It Frysk brûkt meastal in oar hollânisme, *forlechje,* en mist sa't it liket in eigen wurd, foar folkekundigen hwat om op troch to gean. Foar 't neist hawwe *fûstje* [fusjə] (fan *fûst)* en *pûstje* [pusjə] (fan *pûst*) der harres ta dien om it paed foar *smoesje* [smusjə] to sljochtsjen.

boppe oanhelle grammatici. Hja hawwe grif it each hawn op wurden fan Frysk komôf lykas b.g. *dou - douke.* Giet it grounwurd út op sa'n (ien-, twa- of trije-)lûd + j of w + ə, dan spylje j of w en ə by de forlytsing wer gjin rol, dus

kaeije - kaike (dat boppedat de lange *a* forkoartet)
kouwe - kouke.

Mar fan dy régel wykt ôf in foarming as *tou-tsje* fan *tou,* dêr't dúdlik foaroerstiet *tou-ke* (sûnder grounwurd yn it Nijfrysk), de namme foar in eike fan in jier. Wurden as *sé* en *swé* wurde forlytse ta *séke* en *swéke.* Sizze wy ek sûnder to wifkjen `moast noch even in *déke* yn dat wurd sette'? En forlytsje wy stéfêst frjemde wurden as *diner* en *dossier* mei *ke?* 't Is mar in frage.

Dan is der in hiel skift frjemde wurden dêr't de klam de útgong sa't liket biskaet. Wy prate fan in *buroke,* mar oan 'e oare kant fan in *autootsje* en in *pianootsje*. Is dat sa frjemd? Wy hawwe gjin gewoane mearliddige grounwurden dy't op in fol lûd útgeane. Mar ús fannen geane foar in great part út op *a.* Yn dy fannen het it lêste wurdlid nea de haedklam. Wy sizze `dêr komme de Bouma-tsjes ek wer út skoalle' en prate net fan `Bouma-kes'. De regel foar de frjemde wurden strykt dus mei dat gebrûk.

By de ienliddige wurden op in fol lûd is de regel dat der *ke* as forlytsingsútgong efter komt, ek wer net sa wis. Wy kinne sizze `boppe it jier fan útjefte fan dat boek stie in lyts *twake' (twake* mei in lange *a*). Mar de aisikers hawwe it oer in *twake* of in *twatsje* (beide mei in koarte *a*), sa't se ek oer in *trijke* of in *tretsje (< trijtsje?)* hawwe.

Der binne twa skiften wurden yn ús taelskat dêr't de boppe jowne regels net op slaen, t.w. de foarnammen [1]) en de - ek al fan Van Blom, Sytstra en Hof opmurken - yn `leaflike' tael brûkte haedwurden dy't oars *(t)sje* krije by forlytsing. Yn dy tael brûke wy morfemen dy't de gewoane tael net het. Men kin b.g. hearre : `wie 't fint*eke* sa pûch*ys*' (wie 't fint*sje* sa slûch*jes*?). Ut dyselde tael fan âlden tsjin lytse bern: 'hie hij syn hol*ke* hwat biseard?'. Datearret sa'n aparte tael faeks út de tiid dat de beppen of de âldere memmen rounom hwer't se koenen noch it âlderwetske *ke* brûkten en de jonge froulju by in part fan de haedwurden al op *tsje* oerstapt wienen en dêr allinnich *ke* seinen om de âlderein nei to bauwen? De útgongen dy't út de âldere sprake bistean bleaun binne en ek hjoeddedei noch as gewoan jilde, hawwe *gjin* farianten yn de 'leaflike' tael. Dus wol *hankes* nêst *hantsjes,* mar gjin bisûndere foarmen nêst *noaske* en *wankje* b.g. It soe fan great bilang wêze om safolle mooglik sintsjes mei dy konservative foarmingen op to skriuwen, sa't nammers ek in hiele soad fêste *for*foarmingen út dyselde taelsfear fêstlein wurde moasten (dus wurden lykas boppe *pûchys*).

1) *Pibe* b.g. wurdt gjin *Piipke* of *Pypke,* mar *Pibeke* (lykas *Pibe* mei in lange i); *Âlle* wurdt net *Âltsje,* mar *Âlleke; Jan* [jɔn] wurdt *Janke* [ɔ] en net - hwant dat is de famkesnamme! - *Jantsje* [jɔntʃə] (njonken *Jantsje* ek noch de foarmen *Janke,* mar nou útsprutsen as [jankə]!, en *Janneke* [jɔnəkə). - It Frysk stiet foar neat, as it om forlytsjen giet: *Ûle* het as forlytsingsfoarm *Ûlke,* dat `forflaeike' wurdt ta *Ûke* en dat kin wer fannijs forlytse wurde (mei in nou net mear produktive útgong) ta *Ûkele,* dat yn `leaflike' foarm sûnder mis wer wurde kin ta *Ûk(e)letsje,* allegearre mei in koarte *û* (yn Winkler syn nammelist stavere mei *Oe*).

B. It stamlûd, as it foroaret yn skriuwwize en/of útspraek.

Hwat ik binnen it ramt fan de skriuwstandert foar foarbylden fine kind haw, is earst fordield yn trije skiften neffens de forhâlding útspraek-stavering. Elk skift is wer ûnderfordield neffens de forskillen yn lûding. Om't it my de muoite wurdich talike en sjoch ek nei de oerienkomsten en forskillen yn lûding tusken forlytsingswurd en meartal, binne by skift II en III rounom ek de meartallen opjown.

I. De útspraek fan it stamlûd foroaret net, de skriuwwize wol:
dat docht him foar by stamlûden mei in lange *a* of *o* of mei in koarte *y* of *ú*, b.g.: *nane - naentsje*; *mole - mooltsje*; *swipe - swypke* en alle haedwurden op *ile* en *ine,* dy't dus resp. by forlytsing útgeane op *yltsje* en *yntsje* lykas *snile - snyltsje* en *line - lyntsje; tufe - túfke, klute - klútsje, tute - útsje.*

II. De útspraek en de skriuwwize fan it stamlûd foroarje:

1a.	[a:]	[a]	[a]	[a:]
	twa (sj. s. 63)	*twake, twatsje*	—	*twa-en*
	kraeb	*krabke*	—	*kraben*
	krektsa *slaeb.*			
	draef	*drafke*	—	—
	daem	*damke*	*dammen*	—
	krektsa *faem* [1]), *kaem, laem, raem* [2]).			
	kape	*kapke*	—	*kapen*
	krektsa *lape.*			
	baerch	*barchje*	*bargen*	—
1b.	[a:]	[a]		[a:]
	tafel	*taffeltsje*		*tafels*
	aker	*akkerke*		*akers*
	amer	*ammerke*		*amers*
	apel	*appeltsje*		*apels*
1c. [3])	*aei*	*aike*		*aeijen*
	krektsa *kaei(je), laei.*			
2a.	[ɛ:]	[ɛ]	[ɛ]	[ɛ:]
	bêd	*bedtsje*	—	*bêdden*
	krektsa *blêd, kêdde, rêd, stêd.*			
	rêch	*rechje*	—	*rêgen*
	brêge	*brechje*	—	*brêgen*
	hêk (forl. III 1a)	*hekje*	*hekken*	—
	krektsa *rêk* (forl. III 1a).			

1) Nêst *famke* komt *fanke* foar, dat foar in part in oare gebrûkssfear het.
2) Yn 'e bitsjutting *mantsjeskiep*; *raem* yn 'e bitsjutting `triuw' is regelmjittich.
3) Regelmjittich binne *aei,* dat gearhinget mei *aeije,* en *swaei.*

2b.[1]	*blês*	*bleske*	*blessen*	—
	glês	*gleske*	—	*glêzen*
	gêrs	*gerske*	—	*gêrzen*
	nêst	*nestje*	—	*nêsten*
3.	[i:]	[i]	[i:]	
	briif (forl. III 2)	*bryfke*	*briven*	
	krektsa *fiif, skiif* [2]), *wiif.*			
	rige	*rychje*	*rigen*	
	piip	*pypke*	*pipen*	
	biwiis	*biwyske*	*biwizen*	
	krektsa *patriis, priis, riis, tsiis, wize* [3]).			
4.	[ɔ:]	[ɔ]	[ɔ:]	[ɔ]
	trôch	*trochje*	*trôgen*	—
	krektsa *tôch*, dat nammers ek *tôchje* hat.			
	hôf	*hofke*	*hôven*	—
	rôk	*rokje*	—	*rokken*
	krektsa *stôk.*			
	bân	*bantsje*	—	*bannen*
	krektsa *fijân, hân, lân* [4]).			
	brân	*brantsje*	*brânnen*	—
	pôt	*potsje*	—	*potten*
	krektsa *rôt.*			
5.	[u:]	[y]	[u:]	[y]
	gelûd	*gelúdtsje*	*gelûden*	*geluden*
	hûs (forl. III 4)	*húske*	—	*huzen*
	krektsa *lûs.*			
	slûs	*slúske*	*slûzen*	—
	strûs	*strúske*	—	*strusen*
6.	[uə]	[ʌ]	[uə]	[ʌ]
	fjûr (forl. II 8)	*fjurke*	*fjûren*	*fjurren*
	krektsa *stjûr* [5]).			
7a.	[uə]	[u̯o]	[uə]	[u̯o]
	hoed	*huodtsje*	—	*huodden*
	boerd	*buordtsje*	—	*buorden*
	poel	*puoltsje*	—	*puollen*
	krektsa *stoel.*			

1) Nêst regelmj. *mes* komt ek foar *mês, meske, mêssen* (sj. Fr. Nysbode 1864, nû. 4, s. 1).
2) Het ek *skiifke.*
3) Forl. *fyske* en *presyske* fan de eigenskipswurden *fiis* en *presiis.*
4) *Lân* ek regelmjittich.
5) Gewoaner is de regelmjittige forlytsing en meartalsfoarming.

	spoen	*spuontsje*	—	*spuonnen*
	koer	*kuorke*	—	*kuorren*
	krektsa *broer* [1]), *toer* en de sinonimen *hoer* en *snoer.*			
	stûr	*stuorke*	*stûren*	—
	goes	*guoske*	—	*guozzen*
	foet	*fuotsje*	—	*fuotten*
7b.	*skoech*	*skuontsje* [2]) (forl. III 4)	—	*skuon*
8.	[yə]	[jʌ]	—	[jʌ]
	fuer (forl. II 6)	*fjurke*	—	*fjurren*
9.	Plurale tantum-foarmingen neffens it meartal:			
	kou	*kijkes* [3])		*kij*
10.	Unrigelmjittich:			
	trije	*tretsje* [4])	*trijen*	

III. De útspraek fan it stamlûd foroaret, de skriuwwize net:

1a.	[Iə]	[jɛ]	[Iə]	[jɛ]
	beam	*beamke*	—	*beammen*
	krektsa *kream.*			
	bean(e)	*beantsje*	—	*beanne(n)*
	tean	*teantsje*	—	*teannen*
	heak (forl. II 2a)	*heakje*	—	*heakken*
	krektsa *reak* (forl. II 2a).			
	keal	*kealtsje*	—	*keallen*
	krektsa *peal, steal* (turf).			
	heap	*heapke*	—	*heappen*
	fear	*fearke*	—	*fearren*
	earm	*earmke*	—	*earmen, earms*
	feart	*feartsje*	—	*fearten*
	sleat	*sleatsje*	—	*sleatten*
1b.	*keamer*	*keammerke*	*keamers*	—
2.	[iə]	[jI]	[iə]	[jI]
	sie(d)	*siedtsje* [5])	*sieden*	—
	trie(d)	*triedtsje*	—	*triedden*

1) Het ek *broerke* en *broers.* It is *boer -ke -en,* mar to Grou is de fan *Buorke*
2) Is foarme fan it meartal, dêrnjonken ek *skoechje* dus (mei in koarte *û*).
3) Ek *kouke -s.* Forl. *klean - kleantsjes.*
4) Dêrnjonken *trijke,* it lêste tink ek foar in lytse trije.
5) Dêrnjonken grif ek *sieke.*

	brief (forl. II 3)	*briefke*	*brieven*	—
	fiel	*fieltsje*	—	*fiellen*
	krektsa it sinonym *wiel.*			
	priem	*priemke*	—	*priemmen*
	(*trieme*	?	*triemen*	*triemmen*)
	ien	*ientsje* [1])	*ienen*	—
	bien	*bientsje*	—	*biennen*
	krektsa *stien, trien.*			
	skiep	*skiepke*	*skiep*	—
	blier	*blierke*	—	*blierren*
	krektsa *flier, de hier* (op 'e holle), *rier.*			
	papier	*papierke*	*papieren*	—
	kies	*kieske*	—	*kiezzen*
3a.	[oə]	[u̯a]	[oə]	[u̯a]
	kroade	*kroadtsje*	*kroaden*	—
	koal	*koaltsje*	—	*koallen*
	krektsa *de soal* [2])			
	kroan(e)	*kroantsje*	*kroanen*	—
	loane [3])	*loantsje*	*loanen*	*loannen*
	doar	*doarke*	—	*doarren*
	krektsa *skoar.*			
	doaze	*doaske*	*doazen*	—
	hoas	*hoaske*	—	*hoazzen*, [u̯a:zn̊]
	noas	*noaske*	*noazen*	—
3b.	[ua:i]	[u̯ai]		[ua:i]
	koai (aisykjen)	*koaike*		*koaijen*
4.	[u:]	[u]	[u:]	[u]
	ploech [4])	*ploechje*	*ploegen*	*ploegen*
	skoech	*skoechje* (forl. 117b)	—	— , (*skuon*)
	sûch	*sûchje*	*sûgen*	—
	groef	*groefke*	*groeven*	—
	krektsa *roef, skroef.*			
	slûf (forl. III 5)	*slûfke*	*slûven*	—
	boek [5])	*boekje*	—	*boeken*
	krektsa *broek, doek.*			

1) Dêrnjonken ek [iəntsjə], dat ek foar in lytse ien brûkt wurdt.
2) Fan *it soal* binne my gjin brutsen foarmen bikend, wol *Tersoalster* [tərsualstər].
3) Het ek regelmjittige forlytsing en meartalsfoarming.
4) Dêrnjonken ek [plux]. Beide allinnich yn de bitsjutting `kloft'.
5) De foarmen mei in lange û grif allinnich noch by de âlderein, sa b.g. to Grou.

	koeke	(*koekje*) [1])	*koeken*	—
	poep	*poepke* [2])	*poepen*	—
	mûs	*mûske*	—	*mûzen*
	krektsa *hûs* (forl. II 5).			
	rûs	*rûske*	—	—
5.	[y:]	[y]	[y:]	
	drûf	*drûfke*	*druven*	
	krektsa *skûf*, *slûf* (forl. II 4).			

It soe fan bilang wêze, at b.g. de tongslaggen fan de Súdwesthoeke en dy fan de eilannen ek ris neigongen waerden yn dizze trant. Licht sille har dêr nije forskillen foardwaen.

Fan great bilang is ek de foroaring yn it stamlûd fan in poarsje wurden, at se gearset wurde mei oaren. Wy sizze *tichthús,* mar *Barrehûs,* in klamkwesje sa't it liket. Der moat hwat fan in systeem to ûntdekken wêze yn dizze dingen. Withoefaek komme wy to stean foar nije gearsettingen en troch de bank rêdde wy ús wol mei dat systeem, mar dat nimt net wei dat it breanedich ris fêstlein wurde moast.

Teake Hoekema.

1) In *koekje* is eigentlik gjin lytse *koeke; koekje* kin ek rjochtstreeks út it Hollânsk liend wêze.

2) `Poepkenar binne ek net min' notearre ik fan immen dy't de balskoppers fan FC Köln oan 't wurk sjoen hie.